

*Philologia Frisica anno 1999. Lêzingen fan it fyftjinde Frysk Filologekongres 8, 9 en 10 desimber 1999. Ljouwert (2000), Fryske Akademy, 296 s. ISBN 90-6171-912-7; ISSN 1381 - 4311. Priis: 20,50 EURO, leden en stipers 19,00 EURO.*

Sûnt 1956 is it in fêste tradysje dat der om 'e trije jier in Frysk Filologekongres holden wurdt. Allike tradysjoneel is, dat de delslach fan 'e lêzings te finen is yn 'e rige *Philologia Frisica anno 19xx*. De earste jeftje hie 64 siden. We binne ûnderwilens by nûmer 15 oankaam, en dy is útdijd ta mar leafst 296 siden. Dat tanimmen komt grif mei, omdat mei yngong fan it tolfte kongres der in frije ynskriuwing kaam, hoewol't it dêrnei ek sa wie dat net elke mûnlinge bydrage ek automatysk ferskriftlike waard. De redaksje konstatarearre yn it foaropwurdt fan nûmer 15 ek in tanimmen fan 'e belangstelling foar Fryske tema's by net-frisisten, en smyt dat foaral op it bestean fan de learstuollen Frysk oan guon universiteiten. En no mar hoopje dat de Hearen Hege Bestjoerders it foarwurdt fan *Philologia Frisica* lêze en wat sunich op dy learstuollen wurde sille.

Oft it nammers wol hielendal sa wurket as dat de redaksje it foarstelt, is ek noch mar de fraach. Dy learstuollen besteane ommers al hiel lang, dat it soe al nuver wêze at se no ynienen foar de útstrieling fan it fak safolle fertuten hawwe soene. Sterker noch, it tal Fryske fertsjintwurdigings oan 'e Nederlânske universiteiten is allinne mar tebekrûn (Utert, de VU). Yndied is it sa dat in moai grut part fan dizze bondel folle wurdt troch lju dêr't net yn it foarste plak fan ferwachte wurdt dat se oer it Frysk publisearje. Fan 'e meinoar trettjin bydragen is dat foar mar leafst acht it gefal. Mar fan dy acht is mar in lytse minderheid ôfkomstich fan wittenskippers dy't oan in universiteit sitte dêr't ek Frysk jûn wurdt, nammentlik Heeringa & Nerboune (Grins) en Spies (UvA). Dy oare seis bûtensteanders komme lykwols fan 'e VU (2x) (Noordegraaf en Van Marle), Nimwegen (Van Bezooijen & Van den Berg), it Meertens-instituut (Van Oostendorp) en út it bûtenlân wei Salverda (Londen) en Engelbrecht (Olomouc, Tsjechië). Mar miskien sitte krekt dy oerbleaune universitêre frisisten wol yn allegearre bredere netwurken, wa sil it sizze.

In oare kantekening dy't makke wurde moat, is dat de bydrage fan 'e eksterne lju yn 'e praktyk ek noch wolris wat ôffalt. Net by alle bydragen kinne jo nammentlik úthâlde dat de Fryske filology dêr no wier wat mei opsjit. Wat my oangiet is dat mei trije fan 'e yn dizze bondel publisearre artikels it gefal. Earst en meast jildt dat foar it stik fan Wilken Engelbrecht oer "Die Bedeutung der friesischen Universität zu Franeker für die tschechischen Exulanten nach der Schlacht am Weißen Berg". Engelbrecht giet dêryn nei oft it ta- en ek wer ôfnimmen fan it tal Tsjechyske studinten oan 'e Frjentsjerter universiteit relatearre wurde kin oan 'e godstsjinstich-politike ûntjouwings yn har heitelân, wêrby't alle goed fyftich studinten kreas mei namme en tanamme en eftergrûn yn in 11 siden tsjokke taheakke ferantwurde wurde. In artikel dêr't op it earste each gjin wryt of slyt oan te bekennen is. Mar wat soks mei Fryske filology te krijen hat? By "Fryske filology" moat it dochs yn alle gefallen oer de Fryske taal gean, soe ik sizze. Binnen dy grûnbetingst kinne jo dan by in dizenich begryp as "filology" noch in

hiel ferskaat oan beskôgingswizen (sosjaal, keunstsinnich, en fansels suver taalkundich) talitte.

De bydragen fan Jan Noordegraaf en Marijke Spies falle dan sûnder mis ûnder it begryp "filology", mar yn tsjinstelling ta Engelbrecht syn artikel komt by har it eigenskipswurd "Frysk" wer tige oan 'e krapperein. Noordegraaf giet yn "De archivaris en de grammatica" neier yn op "Eelco Verwijs en zijn *Middelnederlandsche Spraakkunst* (1867)". Ut it wiidweidige biografyske part leare wy dat Verwijs fan 1862 oant 1868 bybletekaris-argivaris fan Fryslân west hat. Syn hertstocht gong lykwols út nei de nearlandistyk, benammen nei de Middelnederlânske letterkunde. Yn syn Ljouwerter jierren publisearre er yn in stikmannich dielen in karlêzing fan Middelnederlânske teksten, en yn dat ramt soe de brûker ek skewield wurde mei in Middelnederlânske grammatika, dy't der op dat stuit noch net wie. Hiel moai lit Noordegraaf sjen hoe't Verwijs, dy't net de goede grammatikale ynhouten hie, mei dit pionierswurk wraksele hat.

Spies har titel "Friese literatuur en de Nederlandse canon in de zeventiende eeuw" is eins in bytsje betiizjend, want "Friese literatuur" moat winliken lêzen wurde as "literatuur in Friesland". En dat lêste komt by Spies yn 'e praktyk del op "Nederlandstalige literatuur in Friesland". Auteurs as Starter en Baardt wurde dan wol neamd, mar benammen as skriuwers fan Nederlânske teksten. Gysbert Japicx rint der dan út, omdat er yn it Frysk skreau. "Of hij ook door de kwaliteit van zijn poëzie een bijzondere plaats innam, kan ik niet beoordelen", sa jout Spies har beheinings ta. Likegoed jout it artikel in moai oersjoch fan it literêre libben yn Fryslân yn benammen de foarste helte fan 'e 17de ieu, winliken ek in stikje pionierswurk, omt de hânboeken foar de Nederlânske literatuer oant no ta frijwat hollandosintrysk fan karakter west ha. Winliken, sa makket Spies dúdlik, ferskilde it literêre libben yn Fryslân ek net iens sa folle fan wat der yn Hollân te rêden wie. It ûntbrekken fan wurk foar toaniel makket it grutste ûnderskied út.

De oare letterkundige bydrage oan 'e bondel giet oer "Friese literatuur van Nederlands-Indië: de romans en verhalen van Nyckle J. Haisma (1907-1943)". Tsjin in brede en mei in soad kennis fan saken skildere eftergrûn set Reinier Salverda dêryn Nyckle Haisma as Frysk-Yndysk skriuwer del. De kryptyk hat Haisma oant no ta benammen as Frysk skriuwer sjoen, en hat him dêryn net altyd mijen beoardiele. Salverda besjocht yn dit stik mear it Yndyske part yn syn wurk, en komt dan ta in aardich geunstiger oardiel. Neffens Salverda is Haisma yn stof en tematyk ek folle Yndysker as dat oant no ta oannommen is. Benammen syn each foar de selskant fan 'e Yndyske maatskippij jout him in frijwat unyk plak yn 'e koloniale literatuer. In oanwinst foar de Fryske literatuerstúdzje, dit artikel.

Minder optein moat men spitigernôch wêze oer dat oare stik dat emigraasje as tema hat, te witten Jaap van Marle syn "Het Fries in Amerika". Hy begjint mei melding te dwaan fan it bestean fan in byldfoarming as soene Friezen yn 'e frjemdte harren taal folle langer fêsthâlde as Nederlanners. Wêr't dy opfetting dan krekt libje soe, seit er lykwols net. Hy blykt yn alle gefal ek net te dogen: Friezen yn Amearika jouwe har taal navenant fluch op, en bliuwe dan noch earder oan it

Nederlânske  
spilet. Der  
zen navenant  
Hoe't dat  
spitigernôch  
noflik te lê  
koarter kin

Noflik  
Rustringen  
ien (paragraf)  
fan wurde  
kwealik pa  
oanbrochte  
gewaart wu

Boppes  
ek yn hâldl  
near oft de  
syn útgong  
attestasjon  
it dan wol  
in "closely  
soe dêrfoar  
earste ieuw  
betsjuten  
kommunik  
west te ha  
tiid, de ko  
oarsom ho  
net op in  
betinke dat  
taal op' skr  
aardich ûn  
de feroarir  
dêr ek tal  
soene jo  
ringsmeto  
útkomst jo  
alle gefal  
is. Om de  
gelsaksysk  
Dekker hâ  
kaam bli  
krekt yn d

sels suver

mis ûnder  
it by har it  
"De archi-  
erlandsche  
erwijs fan  
locht gong  
sterkunde.  
rêzing fan  
rde mei in  
el moai lit  
en hie, mei

eventiende  
iken lêzen  
tyk del op  
wurde dan  
oert Japicx  
it van zijn  
ies har be-  
n yn Frys-  
stikje pio-  
rijwat hol-  
ferskilde it  
den wie. It

ur van Ne-  
43)". Tsjin  
r Salverda  
na bant no  
oeardiele.  
it dan ta in  
yk ek folle  
le selskant  
literatuer.

igraasje as  
egjint mei  
'e frjemd-  
dan krekt  
Friezen yn  
der oan it

Nederlânsk hingjen, benammen yn mienskippen dêr't de godstsjinst in grutte rol spilet. Der is ien útsûndering: it plakje Friesland yn Wisconsin. Dêr wiene de Friezen navenant manmachtich, en hiene se ek net de konkurrinsje fan Hollanners. Hoe't dat oerbleaune Frysk der dêr dan krekt út sjocht, giet Van Marle spitigernôch, oars as oan 'e hân fan in pear gjalpen fan ynformanten, net op yn. In noflik te lêzen stik, al mei al, mar troch de grutte redundânsje hie it gau de helte koarter kind.

Noflik te lêzen is no just net Kees Dekker syn artikel "Between Rome and Rustringen: Latin loan words in Old Frisian". It stik moat it dwaan sûnder ek mar ien (paragraaf)kopke en hat allinne oan 'e ein noch in wytrigel, en binnen de brij fan wurden dy't de lêzer sa trochkôgje moat wurdt er ek fierders troch de auteur kwealik paadwiis makke. En yn 'e taheakke wurdt ek net even sein wêr't de dêr oanbrochte ûnderferdielings op slane, soks moatte jo dan wer út 'e rinnende tekst gewaar wurde. Yn 'e Aldfrisisyk is dochs gjin nije Van Helten opstien?

Boppesteand retoarysk ferwyt slacht fansels op 'e tagonklikens fan it stik. Mar ek ynhâldlik haw ik wol in fraachteken. Dekker syn doel is om út te sykjen wannear oft de Latynske lienwurden yn it Aldfrysk ymportearre wêze kinne, en ien fan syn útgongspunten is in troch de Italiaan Bartoli yn 1943 opstelde "rule of wider attestation", dy't seit dat at in lienwurd yn in hiel soad Germaanske talen foarkomt, it dan wol yn in ier stadium liend wêze moat, omdat de Germaanske talen doe noch in "closely knit continuum" (s. 31) foarmen. Foarkommen yn mar ien of twa talen soe dêrfoar wize op let lienen. Mar giet dit wol op? Dat de Germanen yn 'e earste ieuwen nei de jiertelling noch likernôch ien taal praten, hoecht fansels net te betsjuten dat in lienwurd dêrmei ek oer it hiele taalgebiet yngong fûn. De kommunikaasje hoecht yn teory miskien yn it Germaanske gebiet net behindere west te hawwen troch taalferskillen, mar dêrmei is noch net sein dat, seker yn dy tiid, de kommunikaasje oer it hiele taalgebiet hinne ek op inselde wize ferrûn. En oarsom hoecht it bestean fan taalferskillen net te betsjuten dat ferskillende talen net op in stuit inselde ferlet fan in lienwurd hawwe kinne. Alhielendal net at jo betinke dat yn dit gefal de taleverjende taal, it Latyn, oeral yn Europa de dominante taal op skrift wie. My liket dy regel fan dy Bartoli dus in tige wippelich gefal ta, aardich ûnwissiger yn alle gefallen as dy oare metoade om ta datearring te kommen, de feroarings yn 'e útspraak, al jout Dekker dêrfan ek mei rjocht en reden oan dat dêr ek tal fan heakken en oezen oan fêst sitte. It twadde part fan Dekker syn artikel soene jo no opfetsje kinne as in konfrontaasje tusken dy beide datearringsmetoaden, en dan docht bliken dat se yn in flink oantal gefallen in ferskillende útkomst jouwe. Heldere konklúzjes wurde dêr lykwols net út lutsen. My jout it yn alle gefal de yndruk dat it mêd fan 'e Latynske lienwurden fol fan ûnwissichheden is. Om der dan in argumint oan te ûntlienen dat de Friezen net oan 'e Angelsaksyske ynfaazje fan Ingelân meidien hawwe, liket my dan ek frij fier te gean. Dekker hâldt út dat yn 'e tiid fan 'e ynfaazjes der frijwat lienwurden yn it Frysk kaam binne dy't net yn it Ingelsk sitte. No liket it my al gefaarlik om, at ien en oar krekt yn deseld tiid plak fynt, dêr twingende konklúzjes oan te ûntlienen: it lien-

wurd kin by wize fan sprekken sels letterlik krekt de boat mist ha. Mar stel dat dy Friezen wol mei-emigrearre binne, en dat sy in pear lienwurden meinommen ha dy't dy Angels en Saksen net yn har bagaazje hiene. Dan hinget it mar hielendal fan 'e taal- en machtferhâldings, en faaks it tafal, ôf, oft dy Angels en Saksen der ferlet fan hiene om dy lienwurden mei oer te nimmen. Wurden komme, mar geane ek wol wer ris. Dy lienwurden fan dy eventuele Friezen kinne dan yn dy pear ieuwen nei dy ynfaazje maklik weiwurden wêze; de skriftlike oerlevering yn 'e folkstaal fan dy tiid is no ienris net sa grut dat jo ditsoarte prosessen fan opkomst en ferdwinen eksakt folgje kinne. It ûntbrekken fan evidinsje yn ditsoarte omstannichheden moatte jo tinkt my net al te gau brûke as posityf argumint foar wat oars.

Frjendernôch wurdt dat oare artikel op it Aldfryske mêd, Han Nijdam sines, oan 'e ein al like spekulatyf. It Aldfryske rjocht hat in wiidweidich stelsel fan boeten, en Nijdam jout yn syn "Measuring Wounds in the Lex Frisionum and the Old Frisian Registers of Fines" in moaie analyze hoe't yn it gefal dat immen in oar ferwûne, de grutte fan 'e wûne ferbân hold mei de grutte fan 'e straf. Hy ûndersiket sawol wat dêroer te finen is yn 'e Lex Frisionum (802) as yn 'e lettere Aldfryske hânskriften, en hoewol't dy systemen ferskillend binne, wit er dochs in beskate kontinuïteit oan te toanen. In streksum miel, dit artikel, mar it haadgerjocht wurdt dêrnei bedoarn troch it neigesetsje. Nijdam mient dat dat opmjitten fan dy wûnen ek in hieljende funksje hawwe kind hat. Syn wichtichste argumint is, dat it tiidwurd 'mjitte' tebek giet op in proto-yndojeropeeske woartel \*med-, dy't ek yn in wurd as *medysk* sitte soe. It (primitive) idee soe dan wêze, dat in minske beskate ideale maten en ferhâldings hawwe moat, en at dat fersteurd is, is er siik. At hjir al wat fan oan wêze soe, dan giet dat by de slach- of snijwûnen lykwols noch net op: de mjitten en ferhâldings fan it lichem wurde der troch sa'n ferwûning net oars fan, tinkt my. Wichtiger is lykwols dat Nijdam gjin inkelde direkte evidinsje bybringt dat der yn 'e Aldfryske tiid oer it mjitten fan 'e wûnen wier sa tocht waard. It iennichste wat er der fan fynt, is dat it sa wêze kinne soe. My tinkt dat wy der oant neier oarder simpelwei fan útgean meie dat dat opmjitten gjin oare funksje hie as it beskieden fan 'e hichte fan 'e straf.

De oerbliuwende artikels yn dizze jefte fan *Philologia Frisica* kinne ta de taalkunde rekkene wurde. Opfallend dêrby is, dat mar leafst fjouwer fan 'e seis sifermjittich fan aard binne, in ferhâlding dy't foar taalkundich ûndersyk ornaris dochs oars leit. Dat is ek net sa nuver: de minsklike taal is no ienris in systeem dat net kwantitatyf yninoar sit. In kwantitative oanpak hat dan ek allinne mar doel at jo de taaluteringen bestudearje wolle.

Yn it iene, "systembezogene" artikel, sa't de Poepen it grif neame soene, giet Jarich Hoekstra yn op 'e bûging fan it Fryske eigenskipswurd. Dy is hjoeddedei fierhinne gelyk oan dy fan it Hollânsk, mar Hoekstra hâldt út dat der earder in oar systeem bestien hat dat noch in ôfspegeling wie fan it systeem fan sterke en swakke bûging sa't wy dat kinne út it Aldfrysk. Hy toant oan dat yn bygelyks de Burmaniasprek wurden dat systeem noch fierhinne foar master opsloech, mar dat it ek noch oant yn 'e 19de ieu aktyf wie. Hjoeddedei binne der allinne noch spoaren fan yn

idioma  
wurdli  
mei ha  
rample  
klearre  
Ma  
Padge:  
'e moc  
op in l  
(Riem  
de ear  
wol ta  
koron:  
help y  
(makl  
niat  
les lil  
wûrde  
benijc  
Fa  
bestar  
jout e  
basis  
Yn it  
konkl  
'e no  
de be  
delsk  
dat el  
in se  
Sijen  
wiisf  
betre  
dere  
W  
siket  
taalf  
Dive  
fan  
as út  
Sêhc  
om  
doch

idiomatyske ferbinings (*in dea baarch komt it op in stek net oan*), yn in pear haadwurdlik brûkte eigenskipswurden (*in frjemd*) en yn gearsettings fan eigenskipswurd mei haadwurd (*jongkat*). Neffens Hoekstra soe de mooglikheid ta in haadwurd-ramplesant (*in hurden (ien)*) mei it bestean hawwen fan dat twaliddige systeem ferklearre wurde kinne. In oangenaam helder artikel.

Marc van Oostendorp syn bydrage oer "Syllable Sonorants in Clay Frisian and Padgett's Generalisation" is nei alle gedachten de earste oer it Frysk dêr't folút fan 'e mooglikheden fan 'e optimaliteitsteory gebrûk makke wurdt. Hy past dy teory ta op in langer klassyk ûnderwerp út 'e Fryske fonology, dêr't al ferskate ûndersikers (Riemersma, Dyk, Visser, De Haan) de tosken yn set ha. Van Oostendorp mient dat de eardere analyzen swierrichheden hiene omdat se fan regels gebrûk makken. Hy wol ta op in systeem fan útfierkondysjes. Foar it feit dat yn it Klaaifrysk nei net-koronale frikativen der net syllabisearre wurdt (it is *even*, en net *\*eevm*) ropt er de help yn fan in troch Padgett ûntdutsen generalisearring, dy't seit dat nasalen har net (maklik) oanpasse oan frikativen. Foar dialekten dy't wol de útspraak *eevm* ha, nimt Van Oostendorp oan dat dêre Padgett dan in minder wichtige rolle spilet. Alles liket sa kreas te fallen, wêrby't sels de regressieve assimilaasje (yn wurden as *ynpakke, ynfalle*) ek noch meinommen wurdt. Men kin allinne mar benijd wêze oft hjirmei de diskusje oer dit klassike ûnderwerp no ynearsten dien is.

Fan de tellende taalkundige artikels giet dat fan Hindrik Sijens oer de taaldata-bestannen dy't op 'e Fryske Akademy oanlein binne. Yn it foarste diel fan it stik jout er in beskriuwing fan de skiednis en de ynhâld fan 'e beide kartoteken dy't de basis foarmje fan it WFT, en fan de modernere, elektroanyske taaldata-bank (TDB). Yn it twadde diel freget er him ôf yn hoefier oft dy lêste wat nijs tafoegjet. De konklúzje is, dat dat al sa is. Gelokkich mar, want oars hie alle muoite ek noch om 'e nocht west. Minder gelokkich is dat er dy TDB ferliket mei it WFT, en net mei de beide âldere kartoteken. Hy giet der "om praktyske reden" fan út dat "it WFT de deïslach is fan wat yn dy kartoteken opslein is" (s. 263). Foar gâns aspekten giet dat ek wol fierhinne op, mar it bliuwt fansels in feit dat wat yn in wurdboek komt in seleksje is fan wat it ûnderlizzende databestân oan materiaal jout. De troch Sijens synjalearre mearwearde fan de TDB op bygelyks it mêd fan oanfoljende bewiisplakken, mear ferskaat yn foarbylden en nije idiomatyske ferbinings is dan ek betreklik; it hie wat dat oangiet "earliker" west at ferlike wie mei dy folsleine âldere databestannen, en net mei in karút dêrút.

Wylst Sijens de ferskillen tusken helpmiddels foar de taalbeskriuwing ûndersiket, geane de oare trije kwantitative artikels yn op de ôfstannen tusken talen en taalfariëteiten. Heeringa en Nerbonne nimme yn har "Change, Convergence and Divergence among Dutch and Frisian" Winkler syn yn 1874 opmakke werjeften fan 'e Bibelske likenis fan 'e ferlerne soan yn 'e ûnderskate dialekten yn Nederlân as útgongspunt. Dy lizze se dan njonken de ferzjes fan 1996 sa't se troch Harrie Scholtmeijer notearre binne. Mei help fan in beskate formule binne se dan bysteat om útdrukking te jaan oan 'e ôfstannen tusken de dialekten oer en wer. Dêrby docht bliken dat de Fryske tongslaggen der as skift dúdlik út kippe. Dat sil de lê-

zers fan dit blêd grif gjin nij dwaan, mar it is altyd moai at soks no ek ris objektyf fêststeld is. It jout in wapen yn hannen at der wer ris in kolomnist opstiet dy't úthâld wol dat it Frysk net in taal is. Neffens dizze berekeningsmetoade soene de Stedsfryske dialekten ûnder de Nederlânske falle, en soene se nei Winkler ek noch mear dy kant opskood wêze. De auteurs tinke oars dat dat komt troch it reekommen fan 'e Ofslútdyk, mar it liket my ta dat se de komplekse mearje fan taalbeynfloeding dan wat al te folle troch harren (dialekt)geografyske bril besjogge.

No kinne jo dy ôfstân tusken taalfariëteiten dan wol sa kwea objektyf berekenje, mar hoe fertaalt him dat yn 'e hollen fan 'e taalbrûkers? Mei oare wurden, binne dialekten dy't fierder fan inoar ôf lizze ek minder goed te ferstean? Om dat goed út te finen falt noch neat net ta, sa docht bliken út Renée van Bezooijen en Rob van den Berg harren bydrage "Hoe verstaanbaar is het Fries voor niet-Friestaligen?". Wiidweidich besprekke se de innen en oanen fan in trijetal eksperiminten. At der net al te folle ynformaasje út 'e omtrek helle wurde kin, dan sakket de fersteanberens fan it Frysk foar Rânestedsjers nei it nivo fan dy fan it West-Flaamsk, en dat is nochal wat leger as dat fan it Limboarchsk en benammen fan it Grinslânsk. De auteurs skriuwe dat foar in part op it konto fan 'e gruttere ôfwiking fan 'e Fryske lûden. "Waarom deze correspondenties bij het Fries zo veel moeilijker te doorzien zijn dan bij Nederlandse dialecten moet nader worden uitgezocht". Begjin mar ris mei it ynsjen fan in histoaryske grammatika, soe ik sizze. It liket oars krekt as is it Frysk harren noch net ûnbegryplik genôch. Der wurde teminsten noch wer nije eksperiminten oankundige.

De ôfstannen binnen ûnderskate fariëteiten fan it Frysk binne it ûnderwerp fan it artikel fan Pyt Kramer. Hy ferliket dêrta it Westerlauwersk Frysk, de Skiermûntseager fariant dêrfan, it Sealtersk en it Mooringer Noardfrysk mei it Aldfrysk oan 'e hân fan 'e 197 frekwintste wurden. Dat is dus mar in lyts part fan 'e folsleine wurdskat, mar binnen dy 197 lit Kramer de frekwinsje fan foarkommen ek noch wer ris meitelle yn syn berekenings. Dat is grif mei fan dy gefolgen dat de Westerlauwerske farianten yn Kramer syn oanpak it fierste ôfdwaald binne fan it Aldfrysk. Ommers, by it beskate lidwurd binne it Aldfryske manlik, froulik en meartal dêr gearraand ta it iene lidwurd *de*, wylst dy East- en Noardfryske tongslaggen folle mear fan it Aldfryske systeem bewarre hawwe. En omdat *de* foar 5% meidocht, huft dat der nochal yn. Neffens Kramer syn berekkings soe op sa'n wize it Westerlauwersk noch 74% fan it Aldfrysk bewarre hawwe, en sitte it Sealtersk en Mooring sa'n 7% heger. Net al te spektakulêre ferskillen, en wat no krekt it nut fan al dit bewurklike gerekken is, wurdt ek net botte dúdlik makke. Boppedat rinne ynfloeden as ûntliening en taalferoaring der soms ek lestich trochhinne. Kramer moat boppedat wolris in trûkje tapasse om apels en parren noch byinoar optelle te kinnen. In ûndersyk yn strukturele sin soe hjir grif mear ynsjoch opsmite as dizze optellerij fan in yn systematyske sin tafallige wurdjesamling. Oant op in hichte kin men it beswier fan rekkenkundige bewurking fan in net-rekkenkundich systeem ek wol oanfiere tsjin Nerbonne en Heeringa, mar dy besykje om teminsten wat ienheid yn har materiaal oan te bringen troch har te beheinen ta allinne fonologysk besibbe

wurde  
merker  
op in r  
It h  
jefte fa  
hâld, v  
seldsur  
makke  
miskie  
grinzer  
fiet ta  
der wer  
sil der  
kin

Siebrer

objektyf  
t dy't út-  
soene de  
r ek noch  
skommen  
fan taal-  
ogge.  
objektyf  
oare wur-  
tean? Om  
oaijen en  
oor niet-  
tal ekspe-  
kin, dan  
dy' fan it  
enammen  
uttêre ôf-  
s zo veel  
len uitge-  
k sizze. It  
ter wurde

verp fan it  
iermûnts-  
ysk oan 'e  
ine wurd-  
ch wer ris  
Westerlau-  
Alfrysk.  
teartal dêr  
ggen folle  
meidocht,  
it Wester-  
eri Moo-  
nut fan al  
rinne yn-  
mer moat  
lle te kin-  
dizze op-  
hichte kin  
ysteem ek  
rat ienheid  
sk besibbe

wurden, en dan in berekkening út te fieren op it ferskil yn fonologyske skaaimerken. Dy binne ynhâldlik fansels ek net gelyk, mar hja krije dan dochts wat dat op in rekkenienheid begjint te lykjen.

It hear oersjend kin men net oars as ta de obligate fêststelling komme dat dizze jeffe fan *Philologia Frisica* wer in grut ferskaat jout. Ferskaat oan dissiplinen, ynhâld, wittenskiplik belang en kwaliteit. Sa'n rom ynhâldlik ferskaat wurdt langer in seldsumheid yn in him al mar fierder spesjalisearjende wittenskiplike wrâld, en makket krekt dêrom yn myn eagen de sjarme út fan in bondel as dizze, ek al soe it miskien net ferkeard wêze at de redaksje him dochts noch ris ôffreegje soe oft de grinzen fan it likegoed al brede begryp Fryske filology net it gefaar rinne om al te fier ta neatsizzendheid oprutsen te wurden. Foar 11, 12 en 13 desimber 2002 stiet der wer in Frysk Filologekongres oankundige, dat de sechstjinde *Philologia Frisica* sil der ek wol wer komme. It liket in formule dy't ynearsten noch wol even foarút kin.

*Siebren Dyk*